

Sjueryferslach ferhalewedstriid 2016

De ferhalewedstriid dy't it Skriuwersboun opset hat yn gearwurking mei It Friesch Dagblad, Omrop Fryslân en Cedin, biedt in platfoarm foar elkenien dy't graach skriuwt. Der binne ál in pear drompeltsjes: in tema, dêr't je yn 'e regel alle kanten mei op kinne, de taal en in maksimaal oantal wurden. Benammen it lêste kritearium soarge derfoar dat guon ynstjoeringen net meinommen wurde koene.

It oantal dielnimmers wie boppe ferwachting. Yn totaal wiene der 119 dielnimmers: 79 yn de kategory fan achttjin jier en âlder, wylst troch de jongerein 40 ferhalen ynstjoerd waarden.

Yn de jongste groep wie te fernimmen dat de teksten foar it meastepart yn skoalferbân skreaun binne. It toant mar wer ris oan hoe stimulearjend ynbring en entûsjasme fan in befeine lesjouwer wêze kin. Dochs is der ek in neidiel en dat is de ienfoarmichheid dy't maklik ûntstean kin. In gruttere fariaasje soe by de folgjende loop dan ek winsklik wêze, lykas útwreiding fan it oantal dielnimmende skoallen.

Deselde ienfoarmigens seagen wy by de âldere groep. Allinnich wie it dêr it tema dat in soad dielnimmers deselde kant op stjoerde. By 'Oars' soene je oan fan alles tinke kinne, mar yn de praktyk seagen in protte dielnimmers werom op har eigen libben, om te konkludearjen dat benammen saken as leafde, mar foaral ek sykte en oare krupsjes ferantwurdlik wiene foar grutte feroaringen. Lykwols, sa'n persoanlik wjerfarren mei dan in grutte yndruk makke hawwe, it betsjut net dat it ek automatysk in goed ferhaal opsmyt.

Dizze loop wie der foar it earst de mooglikheid om in koarte skriuwkursus te folgjen, sawol op skoalle middels in wurkwinkel as foar de âldere kategory. De sjuery (Lida Dijkstra, Yvonne Dijkstra en Koos Tiemersma) soe derfoar pleitsje wolle hjirmei troch te gean om de kwaliteit fierder te ferbetterjen. Ek is de sjuery fan betinken dat guon fan de winnende ferhalen baat hawwe kinne by in lichte redaksje.

Der wiene yn beide kategoryen genôch ynstjoeringen dy't der nei de earste skifting yn positive sin út sprongen, de ûnderlinge ferskillen yn kwaliteit wiene lyts. Alle ferhalen kamen anonimisearre by de sjuery binnen, om sa frij mooglik oardielje te kinnen.

Earst de jongste groep. De sjuery hat gjin priis, mar wol in earfolle fermelding oer foar trije ferhalen: 'De reinbôgefisk', skreaun troch Hanna Postema, 'De wierheid' fan Joyce Visser en 'Alles oars', skreaun troch Tessa Boonstra. As sjuery soene wy dizze skriuwers yn de dop oanmoedigje wolle om foaral troch te gean mei it skriuwen fan ferhalen, it talint is der!

Dan yn willekeurige folchoarder de trije priiswinners:

'Foar altyd feroare', skreaun troch Anna de Vries, giet oer in jonge dy't as flechtling nei Nederlân kommen is. Underweis is it goed mis gien, mar dat ferswijt er. It ferhaal lit in moaie wiksening fan perspektyf sjen. Ek it geve taalgebrûk falt yn positive sin op, lykas de styl.

'*Sjok*' fan Jorick Speerstra lit ús yn 'e kunde komme mei David, dy't mei syn maten op stap gien is, mar dan wol stikem yn heit syn auto. It is in ferhaal wurden mei in soad aksje, knap opboud mei eigentiidske dialogen dy't de lêzer samar meinimme.

'*De eagen fan de klasse*' fan Monique Bijsterbos is skreaun út in famke wei, oer in broer dy't ferûngelokke is. It drama wurdt ynfielber beskreaun, ek wêr't it giet om de gefoelens fan it famke dat har besjoen fielt troch de bern út har groep.

De trije winnende ferhalen binne wakker oaninoar weage. Uteinlik hat de sjuery de prizen sa ferdiel. Op it tredde plak komt '*De eagen fan de klasse*' fan Monique Bijsterbos. As twadde einiget '*Foar altyd feroare*' fan Anna de Vries, wêrmei't de earste priis takend wurdt oan it ferhaal '*Sjok*' fan Jorick Speerstra.

Dan de âldere groep. De sjuery hat earfolle fermeldingen oer foar '*Et Bonnegien*', skreaun troch Harmen Houtman, '*Jo*' fan Gryte Gerbrandy en '*Yn dyn hannen*' troch Marije Roorda, stik foar stik ferhalen dy't troch harren kwaliteit boppedriuwen kamen yn de see fan ynstjoeringen.

De priiswinnende ferhalen, ek wer yn willekeurige folchoarder:

'*Ik koe net oars*' fan Jelle Bangma giet oer in âlde man dy't net mear fierder wol. Hy krijt besite fan syn buorman. It draait út op in besite mei gefolgen. It swiere ûnderwerp wurdt draachlik makke troch de gauris synyske humor, wylst de knap opboude spanning nei de ein ta trochset wurdt.

Forina van der Zee stjoerde '*Fan 't levenskonsert*' yn, in ferhaal yn it Biltsk oer in bedriuw dêr't tegeltsjes fan spreuken foarsjoen wurde. Foaral de orizjinele útwurking fan it tema foel de sjuery yn positive sin op, lykas de dialoochfoarm dêr't it ferhaal yn skreaun is.

'*It lok yn listkes*' fan Ytsje Hettinga is it prachtich skreaune ferhaal oer in demintearjende mem, dy't fersoarge wurdt troch har dochter. Grutte emoasjes wurde werjûn yn lytse details, de situaasje fan de mem wurdt pynlik moai beskreaun.

De ferskillen yn kwaliteit binne by dizze lêste trije ferhalen o sa lyts. Likegoed moat der in winner komme en dan giet it echt om de details. Op it tredde plak einiget '*It lok yn listkes*' fan Ytsje Hettinga. It twadde plak is foar '*Fan 't levenskonsert*' fan Forina van der Zee, wêrmei't de earste priis foar Jelle Bangma is: '*Ik koe net oars*'.

Twa winners fan in earste priis, mar watfoar ferhaal sil ferfilme wurde? Yn oerlis mei Omrop Fryslân hat de sjuery besletten dat '*Sjok*' fan Jorick Speerstra hjirfoar it meast gaadlike ferhaal is.

Alle winners fan herte lokwinske!